

Wy hawwe foar it begryp en oanfurdigje

dat wy ús net deljaan kinne yn 'e wissens fan ús beliden,
mar dat wy ús ferwonderje meie oer wat ús tafalt en skonken wurdt;

dat wy ús bestimming net fine yn ûnferskilligens en hebsucht,
mar yn omtinken en ferbûnenens mei al wat libbet;

dat ús bestean net folslein wurdt troch wa't wy binne en wat wy hawwe,
mar troch wat ûneinig grutter is as wy befienje kinne.

Laat troch dit besef leauwe wy yn Gods Geast
dy't al wat minsken út inoar driuwt te boppe giet
en harren besielet ta wat hillich is en goed,
dat hja, sjingend en swijend,
biddend en dwaand,
God earje en tsjinje.

Wy leauwe yn Jezus, in minske dy't fol wie fan 'e Geast,
it antlit fan God, dat ús oansjocht en ús yn ûnstjoer bringt.
Hy hâlde fan minsken en waard krúsige
mar hy libbet, syn eigen dea en uzes foarby.
Hy is ús hillich foarbyld fan wiisdom en moed
en bringt ús Gods ivige leafde nei-oan.

Wy leauwe yn God, de Ivige,
dy't net te omfiemjen leafde is, de grûn fan it bestean,
dy't ús it paad fan frieheid en rjochtfeardigens wiist,
en ús winkt nei in takomst fan frede.

Wy leauwe dat wysels,
swak en mei ús lek en brek,
roppen wurde om mei Christus en al wa't leauwt ferbûn,
tsjerke te wêzen yn it teken fan 'e hope.

Want wy leauwe yn 'e takomst fan God en fan 'e wrâld,
yn in godlik geduld dat tiid jout
om te libjen en te stjerren en te ferriizjen,
yn it keninkryk dat is en komme sil,
wer't God foar ivich wêze sil: alles yn allegearre.

Oan God de lof en de eare
yn tiid en ivichheid.

Amen.



Wat remonstranten mei inoar ferbynt is harren ynstimming mei de Begjinselferklearring.

Dizze koarte ferklearring seit dat de Remonstrantse Broederschap in mienskip fan leauwenden is dy't woartelt yn it evangeelje fan Jezus Kristus en trou oan it begjinsel fan freiheid en ferdraachsumens God earje wol en tsjinje.

Dêrnjonken hawwe de remonstranten inkele kearen yn harren skiednis harren besibbens yn it leauwen yn in belidenis ta útering brocht (yn 1621 en yn 1940).

Dat gjin inkele belidenis ûntsjinstriidber gesach hat, dat kin men nei remonstrants besef fan tinken wol ha.

De bedoeling kin net oars wêze as 'yn hoedenens en leafde it paad te wizen en foar te ljochtsjen' (*sa it foarwurd fan de belidenis fan 1621, oanhelle yn 1940*).

Yn dizze geast en mei dizze bedoeling hat it Konvint van remonstrantse dûmnys yn 2006 de belidenis opstelt dy't hjirfoar werjûn is.

Dernei is dizze belidenis oanbean oan de Algemiene Gearkomste fan Bestjûr en dêryn op 10 juny 2006 mei oerweldigjende mearderheid oandien.